

Meindert Talma (Surhuisterveen, 1968) is begonnen aan een grote romanserie: Nederlands Onbekendste Popster. Hij dreigt er zelfs bekend mee te worden.

DOOR:
Fokke Wester



Meindert Talma.
Foto Reyner Boxem

Meindert Talma duikt in eigen historie

ZUIDHORN ■ Meindert Talma is een ambitious project begonnen: een roman/album-cyclus over zijn bestaan als muzikant en schrijver. Elk boek moet vergezeld gaan van een cd, waarop liedjes komen die bij het boek passen. In oktober verscheen deel 1, Kelderkoorts. Het boek behandelt de jaren 1988-1997, toen hij vanuit het ouderlijk huis in Surhuisterveen verhuisde naar het studenten-huis in de stad Groningen. Daar maakte hij samen met kompaan Nyk de Vries het Friestalige tijdschrift Blauwe Fedde, hij nam er zijn eerste plaat op en begon samen met de voorzitter en secretaris van de Stichting Hobbyrock de band The Negroes.

Het laatste deel van de serie moet eindigen bij de presentatie van deze eerste roman en de tournee die hij er voor maakt. „Dan wordt it ferhaal rûnmakke, krekt as in slang dy’t himsels yn de sturt byt”, zegt Talma. Hoeveel delen er in totaal zullen komen weet hij nog niet. „Ik ha der net in strak skema foar makke. As ik yn it-selde tempo trochgean, dan krijst al gau in stik as njoggen. Mar yn it twadde boek behannelje ik in langere perioade, oant 2002, dus it wurde wat minder.” Voor het tweede deel heeft hij een schrijversbeurs ontvangen van het Nederlands Letterenfonds. Het boek moet in het voorjaar van 2015 af zijn.

Elk boek wordt vergezeld door een cd, al realiseert hij zich dat ook die geluidsdrager inmiddels op zijn retour is. Daarom staan alle cd’s inmiddels ook op Spotify. Boek en plaat is een combinatie die voor Talma niet nieuw is. Eerder publiceerde hij al Dammen met Ome Hajo, over zijn jeugd in Surhuisterveen en Kriebelvisje, over zijn eerste jaren in Gronin-

gen. „Dy boeken gienen echt fan de hak op de tak en jeie der fierstente snel trochhinne. Ik ha mysels no twongen om struktureel de hiele perioade te beskriuwen en om dêr better de tiid foar te nimmen. Ik wol de ûntwikkeling sjen litte. Boek en cd fulle mekoar ek echt oan. It komt bygelyks foar dat it ferske trochgiet wêr’t it haadstik yn it boek stoppet.”

Talma is afgestudeerd historicus, maar duikt nu helemaal in zijn eigen verleden. Toch zijn het niet memoires, maar een roman, stelt hij nadrukkelijk. „It is autobiografy en fiksje troch inoar. Ik ha nooit in deiboek byhâlden of sa, mar dit is wol ûngefear sa’t it gien is. Ik ha wol altyd in soad bewarre, mar ik ha ek in goed ûnthâld. De werklikheid is de basis en as it oer oaren giet, dan hâld ik my faak ek wol oan wat der echt bard is. Ik wol net kwyt wat echt is en wat

net, mar de measte fiksje sit yn de stikken oer mysels.”

Talma noemt Het Bureau van Voskuil als groot voorbeeld, maar ook de boeken van de Noor Knausgard. „Troch it hiel presys te beskriuwen, setst alles op in rychje. Do moastst der djipper yndûke en dêrtroch wurdt it foar dysels ek helderder. Ik ha no in better byld fan dy jierren as foardat ik mei skriuwen begûn. Tagelyk bliuwt it in roman en dan moat it fansels ek spannend wêze.”

De muzikale loopbaan van Talma is na de in Kelderkoorts beschreven start voortvarend verder gegaan. Kelderkoorts is al zijn elfde cd en daarvoor maakte hij onder meer platen over voetbalinternationals die slechts een keer het Nederlands Elftal haalden en een plaat met Nederlandse bewerkingen van oude Amerikaanse folkliedjes. Het grote publiek haalde hij niet, maar onder kenners geldt hij als een uitzonderlijk en uniek talent. Zijn eerste cd Honderd Punten, heel goedkoop en simpel opgenomen, kreeg destijds in Muziekkrant Oor meteen de volle buit aan sterren. „Der siet in hiel soad sfear yn. Mar in moai ferske hat ek mar in hiel lyts bytsje noadich.”

Twee jaar geleden noemde Sander Pleij hem in een artikel in Vrij Nederland een autonoom genie: ‘Meindert Talma behoort tot het beste dat de Nederlandse kunst heeft voortgebracht.’ Pleij bedacht ook de term Neerlands Onbekendste Popster, die Talma inspireerde tot de romancy-

clus. Talma treedt ter promotie van Kelderkoorts op door heel Nederland. Hij leest voor en zingt liedjes, die worden begeleid door filmpjes met persoonlijke foto- en filmbeelden uit de tijd van Kelderkoorts.

Zowel in zijn liedjes als in zijn proza wordt het eigen geluid geroemd, met zinnen waarin soms Friesismen voorkomen. „It is foar mysels in hiel natuerlike manier om sa te skriuwen en te sjongen. Yn myn earste boeken liet ik de minsken Frysk prate, mar dat makke de ferkeap bûten Fryslân folle dreger. Dochs is ek dat Hollânsk soms lêstich. Sa lies ik lêsten foar yn Feanwâlden en ús heit en mem sieten yn it publyk. Ik fernaam oan mysels dat it net lekker fielde om harren wurden yn it Hollânsk foar te lêzen. Dat wie wol in gekke gewaarwurding.”

Kelderkoorts wordt goed ontvangen, er is meer aandacht voor Talma dan ooit. Bekende Nederlanders twitteren over hem en eind oktober mocht hij zelfs een minuut zingen in De Wereld Draait Door. „Ik ha altyd myn plakje wol hân binnen de Nederlânske muzykwrâld, mar dit is de earste kear dat ik fernim dat mear minsken der fan ôfwitte. It soe in lytse trochbraak wêze kinne. In hit sil ik net gau krije, al soe dat fansels wol leuk wêze, want as muzikant en skriuwer wolst dochts graach dat safolle mooglik minsken dyn wurk lêze en hearre. It soe ek wol in leuke iroany wêze dat in roman/cd oer in ûnbekende popstjer dy man krekt bekend makket.”

Talma kan leven van zijn kunst. Dat is een luxe situatie, beseft hij. „Ik ha in gesin mei twa lytse bern en in hypothek. Mar ik kin der prima fan rûnkomme. Ik soe der ek gjin sin oan ha om muzyk allinnich as hobby te meit-

sjen. Júst de kombinaasje fan activiteiten en de ôfwikseling meitsje it foar my nijsgjirrich. Dêrneist doch ik ek oare opdrachten. Sa moat ik foar it Noordelijk Film Festival fan takomm’jier in dokumintêre meitsje oer de Frysk-Drints-Grinzer grinsstreek om Bakkefean hinne. Ik moat in ferhaal fertelle mei byldmateriaal fan de trije noardlike filmarchieven.”

Surhuisterveen neemt in zijn werk een prominente plaats in, al komt hij er nog maar zelden. „It wie in moai plak om op te groeien, mar foar my net in plak om te bliuwen. Ik haw it nooit as benauwend field, mar it wie wol in soarte fan befrijding doe’t ik yn Grins kaam. Sa’n stêd hat folle mear te bieden, dat wie foar my wol in iepenbiering. Yn It Fean hie ik alle bibleteekboeken op in stuit wol lêzen. Mar dy earste achttjin jier fan myn libben hat my wol as minske foarme. De geheime sinders, griffermearde tsjerke, kuorbal, oargelspyljen, it komt allegear yn myn wurk foar. Nee, ik ha net sa faak yn Surhústerfean optreden, mar as it moat soe der ik foar de gelegenheid sels in eigen Surhústerfeanprogramma fan oardel oere oer meitsje kinne.”

„Ik wie as jonkje ferlegen en skruten en net sa sosjaal, ik hie it echt noadich om op mysels te wenjen yn Grins, om soortgenoaten tsjin te kommen. No’t ik it allegear beskreaun haw, bin ik dêr ek suver ûnwennich fan. It wienen moaie jierren, mei dy groep jonges fan it plattelân yn dy grutte stêd. It wie in apart wrâldsje, mei eigen bands en bledsjes, in eigen platelabel en in geheime sinder dêr’t ik elke wike myn ferhalen foarlies en nije ferskes hearre liet. Dy tiid mis ik soms wol in bytsje. De frijheid foaral.”

